



### FAN IT BESTJOER

It bestjoer hat op 27 april 2017 (Keningsdei) byinoar west by Yede oan hûs om wer geskikte sprekkers foar ús jûnen út te sykjen. Wij binne der wer yn slagge en geane der fan út dat der foar elkenien wol wer wat by is. De gearstalling fan it bestjoer is, sa't dyjinge witte dy't der de lêste jûn bywiene, feroare: Gé van der Goot-Bangma hat nei 23 jier ôfskie nommen as bestjoerslid. Yn de iepenfallen funksje wurdt (foarearst) yntern fersjoen. Yede vd. Veen (foarsitter), Bart van der Wyk (ponghâlder) binne it deistich bestjoer en Anna Hemstra-de Jong, Bauke Lageveen en Frans Bakker meitsje it bestjoer folslein.

### WURKLIST FOAR IT WINTERSKOFT 2017 – 2018

It plak: De grutte seal fan Hotel Oostergoo, alle jûnen begjinne om healwei achten.  
Ynformaasje : It Skûtsje 45, 9001 HH Grou, tillefoan 0566-622492

#### **Tongersdei 2 novimber.**

Us earste jûn is it wurd oan **Aly van der Mark**. Sy sil ús alles fertelle oer Gerrit Vlaskamp, dy't, as tûnarsjitekt, 350 tunen en parken yn it noarden fan Nederlân oanlein hat. Us eigen, Wilhelminapark en 13 Grouster tunen dy't ek nei syn ûntwerp oanlein binne, mar spitigernôch hast allegearre al wer ferdwûn, krije wat ekstra oandacht, ien en oar fersjoen fan byldmateriaal.

#### **Tongersdei 14 desimber.**

Sprekkers jûn binne **Oane Peenstra en Willem Wilstra**. Mei Auck Peenstra, suster fan Oane (ferstoarn 29 febrewaris 2016), ha sij in boek skreaun mei de titel "Goaiingahuzen in machtich plakje". Willem soarge foar de foto's. It giet oer de pleatsen, bewenners en harren krewearjen om yn dit sompige lân de holle boppe wetter te hâlden. Mei byld en sang sil ek de bining mei Grou (molkefabryk, skoalle, post en boadskippen) oan de oarder komme.

#### **Tongersdei 18 jannewaris.**

Wat soe it oansjen wêze fan Grou sûnder syn Sint Piter-tsjerke? Boud yn de 12<sup>e</sup> ieuw is de rike skiednis fan de tsjerke hjoed-de-dei noch goed sichtber. Eltsenien sjocht dan wol de tsjerke, mar in hiel soad minsken, ek leden fan de tsjerklike gemeente, witte net fan de skiednis. **Klaas Stelma** lit ús foar it skoft neier yn 'e kunde komme mei dizze rike skiednis fan de tsjerke en har besit.

Al in tal jierren binne der yn Grou in pear minsken dy't, mei toeristen of Grousters, in slach troch de buorren rinne om harren wat te fertellen oer de skiednis fan ús doarp. Wat wurdt der yn sa'n rûnlieding no oer Grou ferteld? Binne jo benijd? **Hepke Hiemstra** nimt jo nei it skoft mei op in doarpskuier. Mar ... jo kinne der by sitten bliuwe.

#### **Tongersdei 1 maart.**

Dit wurdt in jûn oer de Halbertsma's as priuwke yn it ramt fan KH2018.

**Eddy van der Noord** sil fan alles fertelle oer wat jo net witte fan de bruorren Halbertsma en harren relaasjes mei ferneamde Grousters fan no. Syn ferhalen komme út 'De Lapekoer fan Gabe Skroar' en binne net earder ferteld.

**Tjalling Halbertsma**, berne op 'e hoeke fan de Beatrixwei en Wilhelminastrjitte, sil nei it skoft yngaan op syn tiid yn Grou, syn libben dêrnei yn û.o. Amsterdam en oer de famylje Halbertsma; fan 'Tjalling Mongolië' oant de 'Reade Bankier' en oare bysûndere Halbertsma's.

Op 6 oktober is ferstoarn ús ald-stiper **Antje Kerkhof-de Vegt**, se waard 94 jier.

**Antsje van der Vlugt-Posthumus** is, ‘nei in ryk libben’, op 11 oktober yn âldens fan 80 jier fan ús hinnegien.

Yn Drachten is op 22 oktober ferstoarn **Tjeerd Bakker**.

### 3 novimber 2016

Yn it 52ste Stiftingsjier hjit foarsitter Yede in seal fol stipers en oare belangstellenden fan herte wolkom. Ek dit ôfrûne jier binne wer stipers ferstoarn, wêrûnder Otto Schuurmans en Antsje van der Vlugt-Posthumus. It finansjele part fan de Stifting is goed. Der binne nije boeken troch ús stipe, sa ek it nijste boek fan **Ulke Brolsma** mei de titel “Oarloch yn en om Grou 1940-1945”. Ulke sil oer dit boek útlis jaan. De bylden binne fan Ulke en Bauke.

De sprekker hat it oer de jierren fyftich yn it reade doarp Grou mei lytse middenstanners, boargemaster Renken, dropping fan wapens yn 1944 dy’t ferfierd wurde nei boer H. van der Meer op Goingahuzen. Fierder giet it oer de persoan Arjen de Leeuw, dy’t wurke by PEB en wie lid fan de naasjepartij. Hy rûn yn unifoarm troch Ljouwert, hat nei Dútslân west, komt werom, komt by it fleanfjild. Mei in freon komt er nei Grou en wennet yn in arke. It is gissen hoe as it gien is by it oansluten fan dizze Arjen by it ferset. De mieningen ferskille nochal. Op 2 maart 1945 binne fersetsminken út Grou en Reduzum oppakt. In byld fan it hûs dêr’t Bauke van der Pal wenne. Hy is fusiearre by Dongjum.

Nei it skoft waarden bylden fertoand fan Hotel Van Stralen mei de meidieling “Verboden voor Joden”, de Nutsbieb wegere dit nei te folgjen en moast slute. De molksaak Blaauw dêr’t 4 Joaden ûnderdûkt wiene. Boer Wartena yn De Boarch, Sem Davids, ek ûnderdûkt yn it âlde gemeentehûs, winterhulp, klokken út de toer, boargemaster Renken, de nije ambtswente, bestjoer bûterfabryk, staking yn Grou en Halbertsma 50 jier.

Gerben Hallema, deasketten op 5 febrewaris 1945, de dea fan Eppy Rorije troch in fûne granaat mei Sjoerd Bakker en op 17 oktober 1944 moasten 220 Grousters nei Drinte om dêr te wurkjen. De lêste bylden en de nedige útlis wiene fan de befrijing op 15 april 1945, ferset NSB’ers waarden nei de ULO brocht, plysje Bergsma (de kikkert) hat him sels tekoart dien en Arjen de Leeuw is yn 1965 stoarn.

Yede betanket Ulke foar syn útlis, al wie it net altiten goed te folgjen hoe’t alles ynelkoar stuts. Mei mingde gefoelens is elkenien nei hûs gien, sels yn it skoft binne der persoanen fuort gien.

### 8 desimber 2016

De hear **Meindert Seffinga**, direkteur fan it Scheepvaart Museum te Snits sil ús dizze jûn meinimme yn it wetterlân. Elkenien wurdt wolkom hjitten troch de foarsitter en hat earst noch wat húshâldelike meidielings. Dêrnei krije we bylden en útlis fan it museum oan it Lytssân. In boeierke, in âldheidskeamer en bernemuseum.

Ald Grou, in tegeltsje út 1929, de helling fan Willem Postma fan de Pôlle yn Grou en trekskûten (lûkskûten). Yn 1626 wie de earste trekdyk oanlein lâns de feart de Vecht. Al sa’n fjirtich jier letter, yn 1665, wiene der netwurken fan trekfearten. Ut 1640 seagen we in brief fan it stedsbestjoer oan de Steaten fan Fryslân. Yn 1647 in trekwei nei Dokkum en yn 1648 nei Boalsert. Konkurrinsje kaam doe’t de postkoets hiel wat oernaam. Mei stoomboaten itselde, konkurrint waard it spoar. Yn 1868 waard Grou oansluten op it spoar. Ek seagen we in skilderij fan Idema, beurtskippen, de penning van het ‘Gilde van klein schippers’ te Sneek en de Aebelina fan Wiebe Peekema.

Nei it skoft seagen we de rekonstruksje fan de Aebelina, terpierdeferfier, beurtskippers fan Grou, stoom- en sylskippen, de slûs by Starum fan 31 meter lang en 4 meter breed. Ek de boat fan Sliker en de Tjerk Hiddes út De Gordyk fan Van der Werf fearen foarby. Grutte skippen fan 300 en 600 ton, de schippersbeurs, it libben oan board, de skippersskoalle yn Snits en it rinnen yn de beage. Yede betanket de hear Seffinga, ek de seal docht mei. Foar allegearre in goed útein en in sûn 2017.

Op Krystjûn is ferstoarn ús âld-foarsitter **Sybren (Siep) Postma** yn âldens fan 87 jier. Siep naam op 1 juny 1978 de foarsittershammer oer fan Freark Smink en hat op 8 maaie 2003 (dus nei hast 25 jier) de hammer oerdroegen oan de hjoeddeistige foarsitter Yede van der Veen.

Op 8 jannewaris is ferstoarn ús âld-stiper **Heap Bijlsma-van der Meer**. Se waard 93 jier.

## 19 jannewaris 2017

Yede iepenet de jûn en kin in grôtfolle seal it wolkom ta roppe. **Anne Heidsma** sil dizze jûn fersoargje. Yede meldt dat ús âld-stiper en bestjoerslid Sybren Postma ferstoarn is.

Anne krijt it wurd en hat it oer Halbertsma en dat er begongen is mei wurk by Johannes de Visser. Yn 1953/1954 kaam hy by Halbertsma te lâne. Tinus Wester learde Anne hiel wat oer it wurk. Wurke yn it magazyn en letter by de bedriuwsgaraazje Halbertsma op 'e Nesserdyk, boud yn 1941. Dit wie in gouden greep foar Anne. Reparaasjes oan trucks, heftrucks en se wiene ek in taksjebedriuw ûnder it personiel. Ferhalen oer jild, reiskes mei baas Hidde mei de auto, mei mefrou Mulder en Gretha nei Colmsgate, de Suez-krisis en it hamsterjen fan mefrou Mulder mei har sjippe. Brandsma wie in gouden baas dêr yn de garaazje. Ek wie Anne mei baas Hidde nei it gemeentehûs en dêr krige de grutte baas spul mei boargemaster Walda. Ek it ferhaal oer in helikopter yn de loads en in flucht nei Burgum, yn 1956 kaam Anne by de marine en hy hat "Wietse Buske" ek wol ferfongen. Oer brânen en yn 1963 brân yn Friesmahiem. Anne kaam yn 1965 by de ANWB. Hjir hat er 31 jier syn wurk hân. De foarsitter betanket Anne en de harkers en sjoggers dogge hjir ek oan mei.

Heit en mem 1948-1977, oer it libben fan Tsjebbe van der Meer en Siebrigje Zijlstra. Soan Thom van der Meer krijt nei it skoft it wurd. Thom hat it earst oer de jierren fan syn heit yn û.o Lollum, Jorwert, Snits en Sint Japik. Yn Ljouwert begong er fytsen te meitsjen. Yn 1940 op 27 april troude it pear. Yn Grou wurke Tsjebbe earst by Pekema, mar letter foar him sels. In foto mei de trije bern by de Waach dêr't de húshâlding wenne. Tsjebbe ried mei hynder en wein nei Ljouwert. It earste hynder wie wyt, letter kaam der in oar hynder en noch letter 2 hynders foar de wein. Foto's mei 125 ljipaaien dy't nei de poelier gongen en yn 1961 it fierljeppen. Ek de bern krigen taken, sa as gêrs opswylje by de túntsjes foar de bisten. In lêste foto fan de hynders en wein, ferhalen oer thús en in foto fan Tsjebbe en Syp, alias 'Heit en Mem'. Foar de measte stipers yn de seal in hiel bekend warber pear yn Grou. Foarsitter Yede betanket Thom foar it yndrukwekkende ferhaal. Mei de bylden fan de eartiids sa bekende rider nei Ljouwert, dêr't Bauke ek oandiel yn hân hat.

"Nei in lange tiid fan siik wêzen", is op 12 febrewaris ferstoarn **Joke Adamse-Deelstra** yn âldens fan 75 jier.

## 2 maart 2017

Yede iepenet de gearkomste mei "We geane wer los". In geweldige opkomst. Op dizze dei, 72 jier ferlyn, seach it der yn Grou gâns oars út. Fersetsminskten oppakt op 2 maart troch de Dútsers. De kaskommisje hat alles neisjoen en it wie tige yn oarder. Ald-Grouster **Syds Wiersma** (fan it Fries Film Archief) sil it hawwe oer rike filmbylden fan Grou. Dit argyf bestiet sa'n 28 jier. Sieds begjint mei de âldste film "Heel Grou op de fiets". De notarisfilm fan 1926, "Kar út twa" fan 1937. Dit wie de earste Fryske film. Seilmakkerij De Vries, Suvelfabryk 1938, "Liet fan de Burd", heameitsjen yn 1950, Freark Siekmans mei syn heit en mem, in ferhaal oer Freark en oer Berend Braam en Halbertsma. Fierder it skûtsjesilen, Ulbe Zwaga mei skûtsje yn 1947.

Ut 1962 in skûtsjefilm yn kleur. Dan noch de oanlis fan it PM-kanaal, de Marswei, in film fan Sjoerd Andringa, yn 1958 de betinking fan Dokter Eeltsje, ferbou Oostrgoo yn 1958/1959 en belslydzjen yn 1963.

Yn it skoft waard elkenien sa as wenst op de lêste jûn fan it winterskoft traktearre op oranjekoeke.

Nei it skoft giet Syds fierder mei nij materiaal fan Willem Steegstra, in pakesizzer fan Ybe van Zandbergen. Grou yn de jierren 1950-1960. Speedboatrace, skûtsjekampioen yn 1958 Ulbe Zwaga, Sint Piter yn 1958, brân Halbertsma, Grouster merke, hoanne op de toer, Buikstra, doarpsfilm Grou, 1983 de piip fan Halbertsma falt, ôfbraak fan Halbertsma en bylden fan it Teehûs, dat no der net mear is. It byld waard doe stil setten en Yede rjochte it wurd oan my (Gé).

Nei 23 jier no it beslút nommen om út it bestjoer te gean. Wurden fan tank en wurdearring kamen by my telâne, mei in koer mei blommen en in itentsje. Nochrisk tank allegearre en ik sil op in oare wize de jûnen bywenje.

Fansels waard ek Syds noch betanke foar it ferstoarn fan de films. Dit wie de lêste jûn alwer fan it winterskoft 2016-2017 fan Stifting Grou.

As it winterskoft wer op syn ein is en wy alwer foarút wurkje nei it nije winterskoft, binne de 'simmerberjochten' meast net de moaiste. Sa ek dit kear wer:

Nei 89 jier kaam der op 5 maart in ein oan it libben fan **Feike Jan Hoekstra**. Foaral as man fan de Fryslân Bank en it Grouster Skûtsje sil er yn ús tinzen bliuwe.

Op 11 maaie (krekt har jierdei) is ferstoarn **Jitske Deelstra-Meijer**, se is 82 jier âld wurden.

Yn âldens fan 82 jier is op 30 maaie ferstoarn **Rinske de Jong-Sytema**.

Goed twa moanne nei syn frou is op 15 july yn âldens fan 90 jier ferstoarn **Pieter Wisse Deelstra**.

### **WA WIT WÊR WAT.**

Troch in núver ûngemak binne wy as Stifting Grou in stickje kwytrekke mei foto's fan saken dy't yn it ôfrûne jier yn Grou fuortrekke of ôfbrutsen binne. Tink bygelyks oan de âlde Poeisz-winkel, de Noarderdwesstrjitte, de wurktúchkoperaasje (Babydump), de brân yn it Teehûs en Trije Hûs. Binne der ek guon dy't hjirfan foto's makke hawwe en dy oan ús oerdrage wolle? Jo krije fansels it stickje of CD-rom werom.

Fierders freegje wy ús stipers om foto's, ansichten, printen, wurklisten, brieven, notuleboeken en fersen, lieten, boeken dy't te meitsjen hawwe mei of makke binne troch Grousters oan ús argyf ôf te stean of yn brûklien te jaan.

As Jo Stifting Grou jildlik stypje wolle binne dêrta (belestingfreonlike) mooglikheden. Bygelyks de notariskantoaren yn Grou kin Jo hjiroer neier ynformaasje jaan.
--